
FRYSKE BIBEL OP YINTERNET

Prachtich nijs! De Fryske Bibel stiet op ynternet. Yn twa ferzjes: de Wumkes-Bibel út 1943 en de Nije Fryske Bibeloersetting (NFBO) út 1978.

Jo kinne de teksten fine op www.biblija.net, it bekende webstee dêr't al ferskate bibeloersettings op steane. De Wumkes-Bibel wie earder al digitalisearre. De Nije Fryske Bibeloersetting is yn 2008 op it aljemint kommen.

Fan ferskate kanten yn Fryslân waard dêr mei klam om frege. Krúspuntbestjoerder fan it earste oere Wiep Koehoorn hat dat as bestjoerslid doe ynbrocht by it NBG.

Dr. Nicoline van der Sijs hat it projekt oppakt en soarge der foar dat alle teksten ynskend waarden. In ploech frijwilligers út Fryslân hat dêrnei mei in protte geduld alle teksten korrigearre. It wiene: Bert de Waart, Rients de Boer, Romke Egbers, Dick Eisma, Jacobus Knol, Gerard Rinsma, Jan Scheltema, Frits Schutte, Jogina Wassenaar en Jant van der Weg.

Tige tank foar dit wurk!